

## Kerkverhaal 68

Yn de Skoda nei Kûbaard.

Myn heit, Minne Boelens, hat altiten mei syn broer Ype garaazjehâlder west. Yn Ljouwert.

Dealer fan û.o de Hanomag, de Goliath, de NSU en letter ek noch fan de Mazda.

Mar fierwei de measte bekendheid hat de garaazje krigen troch de yn- en ferkeap fan de Skoda.

Neffens my waarden yn de jierren sechstich al sa'n 120 nije auto's per jier ferkocht en dat sûnder in 'showroom'.

De Fryske klaai wie it wurkterrein. En it wie hurd wurkjen. Seis dagen yn 'e wike. Fan moarns ier oant jûns let.

Seis dagen wurkje en dan ... ien dei rêst. Mar rêst is wat oars as stilsitte.

Heit wie sneins ek noch sjauffeur. Haha, men kin it jin hjoed-de-dei hast net mear foarstelle, mar destiids wiene der noch ferskate dûmny's, dy't net in rydbewiis hiene. En ek gjin auto.

Sadwaande waard heit wol gauris frege om mei in dûmny op stap te gean yn 'e omkriten fan Ljouwert.

En as jonkje gie ik dan ek gauris mei. Dan hie mem thús ek efkes rêst.

Neffens my ha wy in inkeld kear mei dûmny Mak fan de Westersingel op stap west en ek wol in inkeld kear mei dûmny Aalders van it Ingelskeplein.

Mar fierwei de measte kearen gyngen we mei dûmny Van Rijn fan de Alma Tademastrijtte op paad.

Dûmny, heit en ik. Ik achtern fansels, yn de twadoars Skoda Octavia.

En altyd gie de reis nei Kûbaard. Ik koe it paad op 't lêst wol dreame.

Fia de âld strjitwei nei Dronryp, dan op nei Winsum en fia Spannum kamen we yn Kûbaard. En dêr, oan in dykje nei Wommels, stie it lytse Grifformearde tsjerkje wat ferskûle achter it wenhûs fan de famylje Lanting of Lantink, it kostensechtpear.

We waarden altyd ûntfongen as famylje. Sa fielde it ek.

Ek it lytse tsjerkje fielde as in húskeamer.

Smûk en leaflik. Yn Ljouwert sels wiene de tsjerken folle grutter en massaler. Hjir fielde it 'thús'.

En dan, nei de tsjinst, dan waard der by de famylje Lanting kofjedronken. En ... op tafel stie steefêst in grutte doaze mei sigaren. Dan waard der troch de trije mannen om 't leven smookt. Rillegau stie it keammerke dan fol mei reek. No soene we sizze: "Ferskriklik, dat kin dochs net!!" Mar doe, doe wie it it toppunt fan geselligheid.

Ik tink der mei leafde oan werom.

Piet Boelens Bûtenpost